

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: bloktiden brêgen Ofslútdyk
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Ofslútdyk is as ferkearsferbining tige wichtich foar de Fryske ekonomy. It is fan grut belang dat de dyk altyd iepen is foar it autoferkear. Der binne lykwols by de sluzen ek krusingen mei it farferkear, dy't foar berops- en rekreaasjefeart fan belang binne.</p> <p>Mei de ferskate draaibrêgen is de lêste jierren gauris malheur. Sawol út de Fryske Steaten wei as yn de Twadde Keamer binne ferskate kearen fragen steld mei as doel de fertragingen mei stikkene brêgen sa gau mooglik struktureel op te lossen. Dêrta sille de brêgen renovearre wurde troch Rykswettersteat as ferantwurdlike oerheidstsjinst. Ideeën foar in ûngelyksflierse krusing ('naviduct') binne by de plannen foar de renovaasje fan de dyk om ferskate redenen fersmiten.</p> <p>Ek as de brêgen wol funksjonearje, bart it lykwols faak dat it autoferkear net trochride kin, om't Rykswettersteat de brêgen de hiele dei troch iepen draait foar de rekreaasjefeart dy't passearje wolle. Ek as de slús net hielendal fol benut is. Benammen yn de spits is dit in boarne fan grutte argewaasje. By it weiferkear dat bedriuwsmjittich oer de dyk moat, leveret soks ek ekonomyske skea op troch de somtiden lange wachttiden.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Underskriuwt it Kolleezje de analyse mei it ekonomyske belang foar Fryslân fan de autoferbining oer de Ofslútdyk, en de problematyk mei it krusende farferkear?2. Is it Kolleezje ree om de problematyk mei de brêge-iepeningen by Rykswettersteat oan te kaarten? Wat binne harren oerwagingen om de brêgen te draaien sa't it no giet? Sjogge hja ek oare mooglikheden dy't ta minder hinder liede?3. Soe it Kolleezje dêrby de mooglikheid fan bloktiden yn oerwaging jaan wolle, sadat it autoferkear yn de spits sûnder belemmering trochride kin?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Klaas Fokkinga
---------------	--

Datum	23 juny 2016
-------	--------------